

IT FRYSK YN IT NIJE *ETYMOLOGISCH* WOORDENBOEK VAN HET NEDERLANDS: DE KÂNS FERSITTEN

Jarich Hoekstra

Summary

According to the introduction in the recently published new etymological dictionary of Dutch (EWN), Frisian is systematically included in the word descriptions. Further it is claimed that due to the lack of a Frisian etymological dictionary, a lot of basic research on Frisian had to be done. In this review article I show that the Frisian contribution to the dictionary is, unfortunately, below all scientific standards. Frisian is in no way systematically taken into consideration in the EWN. The criteria for giving the Frisian word form(s) or not are unclear. On the one hand many etymologically uninteresting loan translations and interferences from Dutch are included (without indicating their loan status), whereas on the other hand Frisian cognates are missing in many cases where they would have been fitting and where the etymological description would have benefitted from them. Although a Frisian etymological dictionary does not exist, a considerable amount of etymological research on Frisian has been done. These etymological studies have gone unnoticed in the EWN, and more generally there are no indications that any basic etymological research on Frisian has been done for the purpose of the EWN. On the contrary. The basic principles of etymology are ignored in the Frisian contribution to the EWN: inherited words and loan words are not distinguished and the treatment of the Frisian words betrays an insufficient knowledge of the basics of Frisian historical phonology. A good opportunity to give Frisian its rightful place in a Dutch etymological dictionary has been missed here.

Yn 't foar

Ferliden jier (2003) is by de Amsterdam University Press it earste diel fan it *Etymologisch Woordenboek van het Nederlands* útkommen ûnder 'e haadre-daksje fan Marlies Philippa mei Frans Debrabandere en Arend Quak. It beslacht de letters A oant en mei E. Yn 'e ynliding wurdt it wurdboek wat alte geierich nei myn smaak as tige ynnovatyf oanpriizge: it wurdboek [145] wurket mei de aldernijste ynsjuggen yn 'e stúdzje fan it

Yndojeropeesk en fan substraten, foar it wurdboek is gâns boarneûndersyk dien om âlde datearringen en datearringen fan betsjuttingsûntjouwingen oanjaan te kinnen, der wurdt folle mear as earder omtinken jûn oan ‘e ûntjouwing fan ‘e wurdbetjuttingen yn ‘e tiid, Hollânske wurden út Nederlânsk-Ynje, Súd-Afrika en Suriname en wurden út it Jiddysk en it Bargoensk krije har gerak en it alderâldste Hollânske taalmateriaal is etymologysk útslachte. As in oar fernijend aspekt wurdt it spesjale omtinken foar it Frysk neamd (s.7):

“Voor het eerst wordt het Fries systematisch bij de woordbeschrijvingen betrokken. Aangezien er geen etymologisch woordenboek van het moderne Fries bestaat, moet ook hiervoor veel oorspronkelijk onderzoek worden verricht.”

It is sûnder mis in goed ding dat it Frysk, net allinnich it Aldfrysk, mar ek it Nijfrysk, yn in etymologysk wurdboek fan it Hollânsk wiidweidich behelle wurdt en dat it Frysk dêr meidwaan mei yn it koar fan ‘e Germaanske talen. Men is fansels nei de wurden yn ‘e ynlieding ek tige benijd, hoe’t it Frysk yn ‘e praktyk yn ‘e wurdbeskriuwingen tepas brocht is en oft troch it oarspronklik ûndersyk dat foar it Fryske part dien wurde moast, de etymology fan it Frysk in stap foarútkommen is.

Yn dit stik wol ik it Frysk yn it *Etymologisch Woordenboek van het Nederlands* (tenei: EWN) ris wat neier besjen en neigean oft it wurdboek it ûnthyt fan ‘e ynlieding neikommen is. Yn ‘t foar wiis ik der noch op dat dit gjin besprek fan it hiele EWN is, allinnich fan it Frysk dêryn. Evintuele konklúzjes oer it Fryske oanpart jilde dus net automatysk foar it hiele EWN. Utgongspunt foar it besprek is fierders de papierren ferzje fan it wurdboek. Hoe’t de wiidweidigere on-line ferzje der wat it Frysk oanbelanget útsjocht, haw ik net yn detail neigien, mar der binne sa’t it liket allinnich kwantitative ferskillen (wat mear Fryske wjergaders), gjin kwalitative.

It al of net neamen fan ‘e Fryske wjergader

Yn ‘e ynlieding fan it EWN wurdt úthoden dat it Frysk systematysk yn ‘e wurdbeskriuwingen behelle wurdt. Men mei oannimme dat dat betsjut dat de Fryske wjergader fan in wurd, yn alle gefallen at it Frysk in besibbe, oerurven wurd hat, yn ‘e beskriuwing konsekwint neamd wurdt njonken deselden út ‘e oare Germaanske talen. Fierders kin men jin yntinke dat it

Fryske [146] wurd spesjaal op it aljemint brocht wurdt, at it foar de etymology fan it Hollânske wurd nijsgjirrige ekstra ynformaasje jout. In systematyske behanneling fan it Frysk yn dy sin kin men lykwols yn it EWN út noch yn net fine. Krektoarsom, men freget jin allegeduerigen ôf wêrom't de Fryske wjergader yn it iene gefal al en yn it oare net neamd wurdt.

Sa hat it neamen fan dúdlike Fryske lienoersettingen út it Hollânsk lykas *oandwaning* (by *aandoening*), *oanwaaks* (by *aanwas*), *oansjenlik* (by *aan- zienlijk*), *ôflaat* (by *aflaat*), *barnstien* (by *barnsteen*), *beneffens* (by *be- nevens*), *bestemoer* (by *bestemoer*), *byleauwe* en it hollanisme *bygelove* (by *bijgeloof*), *bysliep* (by *bijslaap*), *bywurd* (by *bijwoord*), *bisdom* (by *bisdom*), *boarchtocht* (by *borgtocht*) en *boarchstelling* (by *borgstelling*) of fan ûnge- woane hollanismen lykas *oanien* (by *aaneen*), *ôftrekke* 'fuortlûke' (by *af- trekken*), *balearich*, *baloarich* (by *balorig*), *befroedzje* (by *bevroeden*) en *bloazje* (by *blozen*) in libytsje doel. Of men moat al sjen litte wolle dat it Frysk dy wurden út it Hollânsk oernommen hat, mar dan moat soks oan 'e beskriuwing ek bliken dwaan. Sokke wurden wurde lykwols sûnder kom- mintaar as Fryske wjergader fan it Hollânske wurd jûn. Ik kom dêr aanstendaliks noch op werom.

Oan 'e oare kant wurdt op plakken, dêr't it neamen fan it Frysk goed mooglik west hie of sels nijsgjirrich west hie, dy kâns net waarnommen. Wêrom wurdt de Fryske wjergader bygelyks net neamd by *bei*, *bruisen*, *dansen*, *dicht*, *doos*, *dorsen*, *dorst*, *droog*, *eend*, *ei*, *emmer*, *enkel*, *erwt*, *es*? By *drempele* wurdt wol sein dat it 'alleen in Fries getinte dialecten' foar- komt, mar it Fryske *drompele* en it Noardfryske *drampel* wurde net ienris neamd. At de Fryske wjergader troch spesifyk-Fryske lûd- en/of bestjut- tingsûntjouwingen slim ôfwykt fan 'e Hollânske, mist er der withoefaak; by *avegaar* fynt men gjin *nôger*(*boar*), by *deuwig* gjin *douk*, by *dissel 1* gjin *tsjoksel*, by *distel* gjin *tiksel*, *tister*, by *dol* 'roerpin' gjin *tôl(e)* 'hânfet fan 'e seine', by *dooien* gjin *teie*, by *dooier* gjin *djerre*, *djirre* (mar by *dotterbloem* al *djerreblom*!), by *doorn* gjin *toarne* (mar wol Aldfrysk *thornen*, adj.), by *drenken* gjin *drinz(j)e* (mar wol Aldfrysk *drentzia*), by *droes* gjin *trûs*, *trud- ze*, by *edik* gjin *jittik*, by *el* gjin *jellen*. By *duivel* fynt men wol *duvel* en *di- vel*, mar net *deale*.

Yn gâns gefallen hie it neamen fan it Fryske wurd of it Fryske gebrûk fan in wurd net allinnich net misstien, mar de beskriuwing ek noch in mear- wearde jûn. By Hollânsk *abel* hie Frysk *eabel* moai neamd wurde kinnen, by Hollânsk *affaire* Frysk *affear(en)*, by Hollânsk *amerij* Frysk *amerij*. By

Hollânsk *adellijk* wurdt yn ‘e bestjutting ‘lang bewarre (fan wyld)’ ek 19de- [147] ieusk *jonkerachtig* neamd; dêr hie moai efkes op Frysk *jonkerich* wiisd wurde kinnen. By Hollânsk *aftands* hie it neamen fan Frysk ‘fan ‘e tosk’ it komôf fan ‘e gearstalling moai sjen litte kinnen. By Hollânsk *allengs* (< *alleenskine* ‘ien foar ien’ x *alenc(s)kine* ‘mei de tiid’?) wurdt mei rjucht ek Frysk *allinken* (njonken *linkelytsen*) neamd, mar it hie net raar west, ek yn ferbân mei de betsjuttingsûntjouwing fan it wurd, om der op te wizen dat him yn it Frysk ek in ferhâldingswurd *linke* ûntjûn hat: *linke ienen* ‘by ienen, ien foar ien’, *linke lytse bytsjes* ‘by lytse bytsjes’. Dat stiket foar ‘t neist ek yn *linkelytsen* (ferl. *njonkelytsen*). Sa hie by Hollânsk *argwaan* op Frysk *erchtinken* en *kwea(be)tinken* wiisd wurde kinnen. Hollânsk *astrant* bestiet net allinnich noch yn it Afrikaansk en it Sranantongo, mar ek yn it Frysk. Yn it besprek fan Hollânsk *bovist* hie op Frysk *ûlefyst* wiisd wurde kinnen. By Hollânsk *exploot* wurdt ferteld dat de âlde betsjutting ‘aventoer, ûndernimming’ noch yn Belgje foarkomt; dat Frysk *eksploat* dy betsjutting ek bewarre hat, wurdt net neamd. By *aterling* hie op Frysk *dúnater*, Skiermûntseagersk *dúnatter* ‘dúngeast’ wiisd wurde kinnen. By Hollânsk *bak* ‘baarch’ wurdt ferwiisd nei Aldfrysk *bek* en nei Nijfrysk *bekling* en *beklings*, dêr’t dat wurd alinnich mar mear yn foarkomme soe; hjir is *tebek* fergetten. Under *beat* hie as Fryske fuortsetting fan Protogermaansk **bautan-* ‘slaan’ Frysk *batte* ‘neiterskje fan nôt’ (en it haadwurd *beate*, *baitsje* ‘bultsje flaaks’) neamd wurde kinnen, evintueel mei in ferwizing nei Buma (1958). Under *bedotten* wurdt wol Aldfrysk *dud* ‘verdoving’ oanhelle (dat nammers allinnich mar yn gearstallingen foarkomt), mar net Nijfrysk *dod(de)* en *dodzje*. Ek ûnder *dutten* hie mei it each op ‘e etymology fan dat wurd wol efkes Nijfrysk *dodzje* tepas brocht wurde kinnen. By *behept* hiene Frysk *behyplik* en *mishipt*, *-hypt* neamd wurde kinnen, by *beledigen* Frysk *misedigje* (sj. ek Hoekstra 1993). By *blazen* hie njonken Aldheechdútsk *blāst*, Aldingelsk *blæ ǃst* (Nijingelsk *blast*) ‘wynpûst’ ek Frysk *blast* (en *blastich*) opjûn wurde kinnen. By *botje* hie Frysk *botsen* neamd wurde kinnen. By *botvieren* hie perfoarst Frysk *bod jaan* op it aljemint brocht wurde moatten en ek de Noardfryske farianten, dy’t klear sjen litte dat Hollânsk *bot* oarspronklik in *d* hie. It wurd hat dus neat mei *bot* ‘stomp’ te krijen, sa’t it EWN úthâldt, mar mei *biede* (*bod* is ‘safolle tou as oft bean wurdt’). De krechte etymology is al te finen by Löfstedt (1928, 228). By *brunette* hie it ek fanwegen de âlde Hollânske foarm *bruynken* (Kil.) faaks aardich west om op Frysk *brúntsje* te wizen. By *bunzing* wurdt op allegear oare dialektyske beneamingen wiisd, mar net op Frysk *murd*. By *diggel* wurde Drintsk en Grinslânsk neamd, mar

it Frysk net. By *disputeren* hie op Frysk *petear(je)* wiisd wurde kinnen [148] (Tamminga 1976). By *dons* hie oan Midleechedútsk *dust* ‘tsjêf, stof’, Ingelsk *dust*, Dútsk *Dunst* ek Nijfrysk *dúst* ‘hûdskulfers yn ‘t hier’ taheakke wurde kinnen. By *drop 1* hie Frysk *droop* ‘ûnstekking oan ‘t jaar’ < Aldfrysk **dro-pa* ‘drip’ neamd wurde kinnen. Dat wurdt no by *druiper* ‘geslachtssykte’ oanhelle, dêr’t it etymologysk oars neat mei te krijen hat as dat it yn beide gefallen om in sykte giet dêr’t wat by dript. By *dwarrelen* hie op Frysk *twjirre*, *twjirje* wiisd wurde kinnen. Ensafuorthinne.

Goed begripe, ik sis net dat it Frysk yn al dizze gefallen wiidweidich neamd wurde moatten hie; it EWN is op ‘t lêst in etymologysk wurdboek fan it *Hollânsk*. Allinnich at men sjucht op hoe’n tafallige, ûnnutte of sels sleauwe wize oft it Frysk op gâns oare plakken yn it wurdboek oanhelle wurdt – ik sil dêr daliks noch mear foarbylden fan bybringe –, dan freget men jin ôf, wêrom oft dat net dien is op al dy plakken dêr’t it wier doel hân hie.

Aldfrysk

Yn it EWN wurdt njonken de Nijfryske ek de Aldfryske foarm jûn, at dy der is. Net altiten wurde beiden foarmen jûn. By *donder* (*donderdag*) hie njonken Aldfrysk *thuner* (*thunresdei*) ek wol efkes Nijfrysk *tonger* (*tongersdei*) neamd wurde kinnen. Lyksa by *droom* njonken Aldfrysk *drām* Nijfrysk *dream*. By *dijk* hie njonken Aldfrysk *dīk* Nijfrysk *dyk* wol teplak west (ferl. Popkema 2002, 90-92). Oarsom wurdt by *burger* njonken Nijfrysk *boarger* net Aldfrysk *burger*, *borger* neamd. Slimmer is lykwols dat de Aldfryske oantsjuttingen, at se jûn wurde, withoefaak rûch of sels ferkeard binne.

Yn it foarste plak is it Aldfrysk, oars as wat yn ‘e wurdboeken wenst is, yn it EWN net altyd normalisearre. Sa fynt men *baerg* ynstee fan *bārch* (ûnder *barg*), *behōf*, *behofte* ynstee fan *bihōf*, *bihōfte* (ûnder *behoefte*), *blicsen* ynstee fan *blixen* (ûnder *bliksem*), *bloc(k)* ynstee fan *blok* (ûnder *blok*), *buckia* ynstee fan *bukkia* (ûnder *bukken*), *thanc/thonc* ynstee fan *thank/thonk* (ûnder *dank*), *treck* ynstee fan *threk* (ûnder *druk*), ensfh. By *biecht* wurdt njonken Aldfrysk *jecht* alhiel oerstallich it ienris yn in ôfskrift oerlevere *gecht* jûn, dêr’t <g> sûnder mis foar [j] stiet (ûnder itselde wurd is it Aldfryske *iā*, as wjergader fan tiidwurden lykas Aldheechdútsk *jehan*, *gehan* ‘bekenne’, fergetten).

Somtiden wurde de Aldwester- en de Aldeasterlauwerske foarm beide jûn (bygelyks *dam*, *dom* by *dam*), somtiden allinnich de lêste (wol *thonkia*, net *thankia* by *danken*; wol *thwong*, net *thwang* by *dwang*; omkeard wol *ambecht*, *amb(e)t*, mar net *ombecht*, *omb(e)t*). Sa't it liket ha de bearbeiders [149] net sjoen dat Aldfrysk *angneill/ongneil* itselde wurd is. De Westerlauwerske foarm wurdt ûnder *eng* oanhelle, de Easterlauwerske ûnder *aambeï*, dêr't se beide thúshearre (ferl. Buma (1969) yn syn 'Priuwke fan in Frysk etymologysk wurdboek').

In kearmannich wurdt in 'Ostfriesisch' (Leechdútsk) wurd as Aldfrysk opjûn: *busen* (ûnder *beuzelen*), *druve*, *druf* (ûnder *druif*), *dubben* (ûnder *deuvel*), *duzig* (ûnder *does*).

Fierste faak wurde Aldfryske foarmen ferkeard opjûn: *ongosta*, *anxsta*, *onxta* (ûnder *angst*) moat wêze *ongost*, *anxst*; 'bevia, ouder *bivia*' (ûnder *beven*) moat wêze *bivia* (de 3de pers. sg.-foarm *beuath* komt allinnich yn it Rjustringer hânskrift foar; de *e* is dêr troch a-umlaut út *i* ûnstien); *bitse-* (ûnder *bikken*) moat wêze *bitza*(*slēk*); *butera*, *botera* (ûnder *boter*) moat wêze *butere*; *dēda* (ûnder *doden*) moat wêze *dēia*, *dāia*, Nijfrysk *daaie* (*date*, *daat*); *dobbela*, *doblia* (ûnder *dobbelen*) moat wêze *doblia*; *ēgen*, *ēin* (as tiidwurd, ûnder *eigen*) moat wêze *aga*; *ile*, *il* (ûnder *eelt*) moat wêze *ile* (sa't Noardfrysk (Fering-Öömrang) *el* útwiist); **thina* (ûnder *deinen*) moat wêze **thīna* 'tine, swolle' (sa't Noardfrysk (Fering-Öömrang) *tinj/sinj*, *sūnj* sjen lit); *thanka*, *thenza*, *thenzia* (ûnder *denken*) moat wêze *thanka/thenka*, *thenza*; *waria*, *wara* (ûnder *bewaren*) moat wêze *biwaria*. Wat hjir ek pynlik opfalt (bygelyks by *butere* en *ile*), is dat de bearbeiders net de troch Dietrich Hofmann ferbettere útjefte fan Holthausen syn Aldfrysk Wurdboek brûkt ha (Holthausen/Hofmann 1985).

De neikommende foarmen wurde as Aldfrysk opjûn, mar haw ik yn it Aldfryske materiaal net werfine kinnen (mei tank oan Anne Popkema foar syn help): *balorig* (ûnder *balorig*), *bita* 'ôfbiten stik' (ûnder *beet*), *bli(e)n* 'kleur' (ûnder *blied*; oerlevere is *blī* 'Gesichtsfarbe'), *boy*, *boi* 'jonge heer' (ûnder *boy*), *damp* (ûnder *damp*), *prāia* (mei in *p!*?) 'draaie' (ûnder *draaien*).

Noardfrysk

Noardfryske wjergaders wurde net folle neamd. It hie net ferkeard west, om dêr wat mear omtinken oan te jaan. It Noardfrysk is troch it wurk fan benammen Löfstedt en Århammar etymologysk goed útslachte, better as it

Westerlauwersk Frysk. De frisisten hiene yn it EWN no krekt ek it Noardfrysk ynbringe kinnen, at dat etymologysk relevant is. Sa hie, om mar in foarbyld te neamen, by *dolk* ferwiisd wurde kinnen nei Noardfrysk (Ööm[150]rang) *söolk*, dat sjen lit dat it wurd oarspronklik mei *th-* begûn (en dat de etymologyen dy't yn it EWN foarslein wurde, dus nei alle gedachten net doge); *söolk* is in ferlytsingswurd by *sool* 'roeipinne' (Hollânsk *dol*, Frysk *tól(e)* 'hânfet fan 'e seine'). Dy etymology wurdt muoi wiidweidich behannele by Hofmann (1961, 177-178). Lyksa hie by *derrie* 'ûnderste feanlaach' ek ris sjoen wurde kinnen nei Mooring *teeri*, Fering-Öömrang *terew/serew* 'sâlte turf út 'e seeboaiem' (net besibbe mei *turf*, dat yn it Fering-Öömrang *türew* hyt), dêr't *t-/s-* ek op *th-* weromgean moat (ferl. Århammar 1986, 27, noat 9).

In moaie opjefte foar de frisisten hie it ek west om op 'e Hollânske lienwurden te wizen, dy't yn 'e 17de en 18de ieu, doe't gâns Noardfriezen (benammen fan 'e eilannen) as seelju op Hollânske skippen foeren, yn it Noardfrysk telâne kommen binne (sj. Hoekstra 2004b). Sa hiene by *aanstonds*, *baan(tje)*, *bejegenen*, *bekaf* en *drop* Fering-Öömrang *anstuns*, *baantje*, *bejeegne*, *beekuf/bääkuf* en *drop* neamd wurde kinnen.

De pear Noardfryske foarmen dy't no oanhelle wurde, wurde net dúdlik neffens dialekt ûnderskaat, wurde net yn 'e hjoeddeiske stavering jûn en binne poer-ende-poertafallich. Sa wurdt ûnder *biest* Noardfrysk *bjarst*, *bjüst* jûn, d.w.s. foar 't neist Wiedingharder Frysk *bjoast(muolke)* en Fering-Öömrang (*bjüst*). Under *draaien* wurdt njonken it ûnfynbere Aldfryske *brāia* in Noardfrysk *treie* jûn, wierskynlik Wiedingharder Frysk *träie*, mar net Fering-Öömrang *trä*.

Frysk yn it Hollânsk?

It lienferkear tusken it Frysk en Hollânsk giet benammen yn ien rjuchting: It Frysk lient by de bare bult út it Hollânsk (sj. oer Hollânske lienwurden yn it Westerlauwersk Frysk en de behanneling dêrfan it wiidweidige besprek yn Århammar (2003)). Fryske lienwurden yn it Hollânsk binne in selsumheid. Boppedat giet it dêrby ornaris om tige kultuerspesifike wurden lykas *terp* of *klunen*. Nammerste opfallender is it wat it EWN oan Frysk yn it Hollânsk ûntdutsen hat.

Nijsgjirrich, mar ek slim erchtinkend, wurdt men, at yn 'e ynlieding fan it EWN it wurd *barrel* (bgl. yn *aan barrelen*) as foarbyld fan in Frysk substraatwurd bybrocht wurdt (s. 21): "Vooral in West-Friesland moet er nog heel lang Fries zijn gesproken. Het Fries heeft in dit Noord-Hollandse

dialect vele sporen achtergelaten, onder andere in de woordenschat. Een voorbeeld is het woord *barrel*, dat in het Nederlands verder bekend raakte in het informele taalgebruik. Het West-Fries is thans een Hollands dialect op Fries [151] substraat; *barrel* zou men dus een Fries substraatwoord in het Nederlands kunnen noemen.” Yn it wurdboekartikel *barrel* wurdt mei in ferwizing nei Frysk *oan barrels* en *barrelje* ‘verwaarlozen’ it wurd *barrel* yn it Westfrysk ek as in Frysk substraatwurd beneamd. No is *oan barrels* foar myn taalfielen in Hollânsk ynslûpsel foar eigener útdrukkingen lykas *oan smots*, *polver*, *stront*, *gruzeleminten* en it WFT (s.v. *barrels*) befestiget dat: it wurd wurdt murken as in hollanisme en it âldste fynplak is út 1940. By *barrelje* wurdt mar ien sitaat út 1964 jûn; it liket in frijwat tafallige foarming te wêzen. Wêrom soe men krekt by dit wurd oan in Frysk substraatwurd yn it Hollânsk tinke wolle?

It is net it iennichste foarbyld fan dit slach dat fraachtekens by de lêzer opropt. Under Hollânsk *akkefietje* wurdt úthoden dat it dêr om in ûntliening oan Frysk *akkefy(t)sje* giet. Wêrom soe it Hollânsk dat wurd út it Frysk liend hawwe en net omkeard? Buma (1969), dy’t it wurd yn in syn ‘Priuwke’ beskreaun hat, wol dêr sa’t it liket ek net op út.

In aparte riddenaasje fynt men by it wurd *baai* ‘tabak’. Mei’t dy tabakssoarte ek bekind is as *Friesche herenbaai* (in Hollânske merknamme!), soe it Hollânske wurd nei alle gedachten oernommen wêze út Frysk *baai*. Soe it net omkeard wêze? Wat ferlykbers fynt men by Hollânsk *Berenburg*, dat ûntliend wêze soe oan Frysk *Bearenboarger* (*krûden*), *bearenburch(je)*, *bearenboarch*. Soe it net earder sa wêze dat it Hollânske en it Fryske wurd op ‘e Hollânske eigennamme *Beerenburg* (en dan merknamme) tebekgiet? Hendrik Beerenburg wie in krûdehanler út Amsterdam, dêr’t Fryske skippers de krûden foar de drank kochten. Under *duivekater* wurdt it Fryske *duvekater* net ienris neamd. Likegoed wurdt de ûnbeargumintearre (en ûnwierskynlike) suggestje dien dat it wurd wolris út it Frysk wei komme koe: “De oorsprong is onbekend. Aangezien het woord in de dialecten buiten Holland nergens autochtoon lijkt te zijn, is het mogelijk een woord dat het Hollands aan het Fries heeft ontleend, maar de omgekeerde weg valt evenmin uit te sluiten.” Under Hollânsk *blubber* wurdt meidielt: “Dat het woord ontleend is aan Fries *blabber* ‘modder, smurrie’ ... lijkt onwaarschijnlijk.” Dat is yndie sa alderûnwierskynlikst, dat men jin ôffreget wêrom’t der oer praat wurde moat.

Erfwurden en lienwurden

Hielendal need giet it lykwols op in oar punt. En dêrby giet it om in misslach dy't jin suver fan alle siden oangniist. It EWN makket, at it om it [152] Frysk giet, net prinsipjeel ûnderskie tusken erfwurden en lienwurden, dus tusken wurden dy't yn it Frysk sels neffens de regels fan 'e Fryske histoaryske lûdleare ûntstien binne en sokken dy't út oare talen, benammen it Hollânsk, mar ek it Leechdútsk, liend binne. Alles wurdt mar sûnder moederaasje op ien grutte bulte smiten. Tusken de erfwurden út 'e oare Germaanske talen ferskynt deabedaard in Frysk hollanisme. Of it Fryske erfurd en in hollanisme wurde samar sûnder neiere taljochting njonkeninoar op it aljemint brocht.

De neikommende lienwurden, meastepart hollanismen, wurde bygelyks sûnder kommintaar as Frysk kognaat fan it Hollânske wurd opjûn: *aarts-*, *bad*, *baker/baakster*, *behalven*, *bejegenje*, *bekwaam*, *belide*, *beskutte*, *bespiede*, *betam(j)e*, *bevel/beeve*, *bewege*, *bezych/beuzich*, *bycht*, *blaas*, *blutse*, *braak*, *brommel*, *brulloft*, *buiz(j)e*, *sedel*, *daverje*, *dekke*, *deun*, *ding*, *doft/docht*, *dryst*, *duit*, *evel/euvel*. Foarbylden fan it neistinoar opjaan fan erfurd en lienwurd (sûnder dat derby te sizzen) binne: *-aar* (yn Hollânske lienwurden lykas *learaar*) - *-er/-der*, *bate* (hollanisme) - *baatsje* (erfwurd), *beker* (lienwurd) - *biker* (erfwurd), *berucht* (lienwurd) - *beroft* (purisme?), *beskieden* (erfwurd?) - *beskeiden* (lienwurd), *byt* (hollanisme) - *bit* (erfwurd?), *blaze* (lienwurd) - *blieze* (erfwurd), *blea* (erfwurd) - *bleu* (lienwurd), *breuk* (lienwurd) - *brek* (erfwurd).

By frjemde wurden, dy't dúdlik oer it Hollânsk ûntliend binne, wurdt gauris suggerearre dat se direkt yn it Frysk oernommen binne: "Ook Fries broom en Duits Brom gaan terug op het Frans" (ûnder *broom*), "Nhd. Puffer ... en fries buffer zijn wrsch. (afleidingen van) onafhankelijke klanknabootsingen" (ûnder *buffer*).

Hielendal oan 'e protters skreaut it, at de brykste hollanismen, dy't men yn 'e Fryske wurdboeken net ienris fine kin, swietfleurich as de kognaten fan it Hollânske lemma op it aljemint brocht wurde. Under it Hollânske fersterkjende foarheaksel *bere-* (yn *beregoed*, *beregezellig*, ensfh.) ferskynt ek in Frysk *beare-*. Under *bups* wurdt ornearre: "Het Fries heeft *bups* naast *boel* en *brot*." By *broer* wurdt foar it Frysk njonken *broer* ek *broeder* 'verpleger' jûn.

Yn gâns gefallen hie net allinnich it hjoeddeiske Fryske hollanisme neamd wurde moatten (mei dêrby dat it in hollanisme is!), mar ek it

ferâldere erfword (mei dêrby uteraard dat it ferâldere is!). By *beloven* hie bygelyks net (sûnder kommintaar) inkeld it Hollânske lienword *belove* as Fryske wjergader opjûn wurde moatten, mar ek it erfword *belauw(g)je* (by Gysbert Japiks), dat streekkrucht op Aldfrysk *bilovia* tebekgiet. Allyksa hie men by [153] *begeren* njonken it hollanisme *begeare* it erfword *bejearje* neame moatten, by *diets* njonken *dútsk* (hollanisme) ek *tsjutsk* (erfword), by *dulden* njonken *duldzje* (hollanisme) ek *tsjilde* (erfword) en moolk de ôflieding *tsjildich*. By *beduiden* wurdt mei rjucht Frysk *betsjutte* opjûn, mar der hie al efkes by sein wurde moatten dat it wurd dat streekkrucht op Aldfrysk *bithiōda* tebek giet it ferâldere *bet(s)joede* is, en dat *betsjutte* nei analogy fan ‘e bûgde foarmen fan dat wurd (2de/3de pers. ient. pres., pret., part.) ûntstien is. Der hie ek noch ferwiisd wurde kinnen nei Meijering (1983).

It liket derop as ha de bearbeiders fan it Fryske oanpart fan it EWN der gjin aan fan hân, wat yn it Frysk in eigen wurd of in lienword is, of noch slimmer, net ienris foar ‘t ferstân hân dat dat ûnderskie yn in etymologysk wurdboek rillevant is. Men kriget by it lêzen fan it EWN bytiden de yndruk dat men yn in Hollânsk-Frysk oersetwurdbok bedarre is ynstee fan yn in etymologysk wurdboek. Sa wurdt yn in pear gefallen sels as Fryske wjergader in wurd neamd dat allinnich mar in oersetting is. Under Hollânsk *aanschijn* wurdt it Fryske *oansjen* op it aljemint brocht. By *bewind* wurdt Frysk *bewâld* oanhelle, dat der etymologysk neat mei te krijen hat. Under *bobbel* wurdt njonken Frysk *bobbel*, *brobbel* ek *bûl* neamd dat der etymologysk net by heart. Hielendal bryk wurdt it, at by *bosschage* (< Aldfrânsk *boscage*) njonken Midingelsk *boskage* en Nijswedsk *buskage* foar it Frysk *boskje* opjûn wurdt.

Mei’t it EWN by it Frysk hast systematysk net tusken erfworden en lienworden ûnderskaat, falt it nammerste mear op at it ál ris oanjout dat in Frysk wurd oan it Hollânsk ûntliend is. Dat is spitigernôch meastentiids ek net in súkses. Under *borrelen* wurdt úthoden: “Het woord komt alleen voor in het Nederlands (en vandaar in het Fries *buorrelje*)”. Dat *borrelen* (< *bordelen*, *bortelen*) allinnich Hollânsk wêze soe, is al net sa dúdlik. De etymology fan it wurd is net wis, mar at men sjucht dat it Noardfrysk (Fering-Öömrang) ek *borle*, *por(t)le*, *pör(t)elke* hat en dat Dútsk *brodeln* der ek wol mei ferbûn wurdt (ferl. Kluge/Seebold 2002), kin men mar better wat hoeden wêze. Wêrom soe it Fryske *buorrelje* (mei it byhearrende haadword *buorl*, *bûl*) dan oan it Hollânsk ûntliend wêze? Under *batik* wurdt sein: “Aan het Nederlands ontleend zijn: Fries (ww.) *batikje* (en het bn. *batikken*)”. Dat

jildt grif foar it tiidwurd (en fansels ek foar Frysk *batik*, it wurd dêr't it by heart), mar it eigenskipswurd is neffens it WFT in eigenoanret wurd fan Sjoerd Spanninga, dat grif net oan it Hollânsk ûntliend is. Wat dat wurd überhaupt yn it EWN te sykjen hat, by al dy folle wichtigere wurden dy't men der net yn fynt, is fansels in oare fraach. [154]

Fryske lûdûntjouwing

Behalven it net-ûnderskieden fan erf wurden en lien wurden fynt men yn it EWN ek sloarderichheden en flaters dy't sjen litte dat de bearbeiders te min oan fan 'e Fryske lûdûntjouwing ha. Ik jou in pear foarbylden:

Under Hollânsk *appel* wurdt Frysk *appel* opjûn by de foarmen mei Westgermaanske geminaasje foar *-l-*. Frysk *apel* en Krimgoatysk *apel* – bien étonnés de se trouver ensemble! – wurde ta de foarmen sûnder geminaasje rekkene. Fansels hie it Westgermaanske Frysk ek in foarm mei geminaasje (Aldfrysk *appel*). Yn it Nijfrysk is dy foarm troch fergoedingsrekking foar in ûntdûbele geminaat ta *apel* wurden (ferl. *lape* út Aldfrysk **lappa*). Nijfrysk *appel* is in sekondêre ferkoarte foarm út it meartal of ferlytsingswurd of hat syn koarte *a* út it Hollânsk.

Under *bengel* wurde Frysk *bingel* en *bongel* as wjergaders jûn dy't op in Germaansk **bang-ila-* tebekgean soene. Dat kin lykwols formeel mar allinnich foar *bingel* jilde.

Under Hollânsk *beiden* 'wachtsje' wol it EWN ha: "Met het zwakke mnl. *beiden* corresponderen: ohd. *beiton*; nfr. *biidzje*; met het sterke mnl. *biden* corresponderen: ... ohd. *bitan*; ofr. *bidia* (zwak werkwoord met een andere afleiding)." It sil klearichheid ha dat de lange *ii* fan Nijfrysk *biidzje* nea mei in *ei* yn it Hollânsk (út Germaansk *ai*) korrespondearje kin; *biidzje* kin lûdwettich út Aldfrysk *bidia* ûntstien wêze, foar 't neist in oarspronklik sterk tiidwurd dat nei de twadde swakke klasse oergien is.

As wjergaders fan Hollânsk *beklijven* wurde Frysk *bekliuwe* (Aldfrysk *biklīva*) en *beklibje* jûn. It lêste heart dêr net thús; *klibje* (Fering-Öömrang *klewe* < Aldfrysk **klivia*) is de wjergader fan Hollânsk *kleven*.

Men kin Frysk *besmjirkje*, *besmoargje*, *besmoarkje* net mar sa as wjergaders fan Hollânsk *besmeuren* opjaan. De direkte wjergader soe *besmarre* wêze. *Besmoargje* is fan it eigenskipswurd *smoarch* ôflaat, *besmoarkje* faaks fan it haadwurd *smoar* mei in *k*-augmint, en *besmjirkje* kin as grûnwurd it oarspronklike Aldfryske haadwurd *smere* ha, dêr't de *e* foar *rk* ta *ee* ta *ie* ta *ji* wurden is.

Likemin is Nijfrysk *bernje* de direkte wjergader fan Aldfrysk *bera* ‘te wrâld bringe’ (Hollânsk *baren*). It (tige ûngebrûklike) *bernje* is sûnder mis sekondêr ôflaat fan Nijfrysk *berne* út Aldfrysk *beren*, it ôfslutend mulwurd by Aldfrysk *bera*. Nijfrysk *berne* is dus net it mulwurd fan *bernje*!

Under *druppel* wurdt Nijfrysk *drippel* neamd, dat it WFT mei rjucht in hollanisme neamt, it goefryske *drip* mei in efterheaksel *-el* nei analogy fan it [155] Hollânsk. In Germaansk **drup-ila* hie yn it Frysk grif **dreppel* wurden (ferl. *kneppel, keppel*).

Ferkearde etymologyen fan Fryske wurden

Fierstente faak binne Fryske wurden etymologysk ferkeard teplakbrocht, ek at dêr yn ‘e literatuer wiidweidich oer skreaun is. Wer in foege karlêzing:

As wjergader fan Hollânsk *althans* wurdt Frysk *alleast jûn*, mar *alleast* (ek: *alteas*) is allinnich semantysk troch *althans* (Midleechedútsk *altohandes*) beynfloede, formeel hinget it gear mei Hollânsk *altoos* (Midleechedútsk *altōges, altōs*). Dat kin men allegear kreas neilêze yn Buma (1969) syn ‘Priuwke’.

Nijfrysk *balling* ‘ferjage fûgel’ hat mei *balling* ‘ien dy’t ferband is’ neat te krijen. Oars as it lêste wurd is it net ôflaat fan it tiidwurde *banne*, mar fan it eigenskipswurd *bal* yn *bal meitsje* ‘bang meitsje, fersteure (bisten)’ (ferlykje ek it tiidwurde *ferbalje*).

Under *bintje* wurdt de Fryske frouljusnamme *Bintsje* sa ferklearre: “... het verkleinwoord (om de vrouwen naam te vormen) van de voornaam *Ben* < *Benedictus* ...” *Bintsje* komt lykwols fan ‘e manljusnamme *Binne*, in namme dy’t mei *Benedictus* neat te krijen hat.

Under Hollânsk *blaten* wurde Frysk *bâlte, blaaien* (m.w. *blaaie*) en *blêtsje* opjûn. De earste twa wurden ha dêr etymologysk neat te sykjen.

Under *deel 2* merkt it EWN op: “Het Fries heeft de inheemse vorm *telle* ‘dorsvloer’ naast *dealje* ‘plank, planken vloer’ uit het Nederlands.” De betsjutting ‘planken flier’ komt allinnich yn gearsettingen lykas *bûkdealje* nj. *bûkdelling* foar. De útgong *-je* komt út *-inge* (ferl. ek *tilling*). It stamlûd wiist op in grûnfoarm mei *a* tebek, dy’t yn mnd. *dale* foarkomt. It Frysk hat it wurd nei alle gedachten oan it Leechedútsk ûntliend (sj. Spenter 1968, 175-6).

Under Hollânsk *dom* wurdt net allinnich ferwiisd nei Frysk *dom*, mar ek nei (Wâld)Frysk *dûm*. Dat lêste wurd heart dêr net; it is ûntstien út *dûn* ‘dronken’ (sj. Hoekstra 2004a, 5).

Opmerkingen oangeande it Frysk

Inkeldris giet it EWN in bytsje neier op 'e Fryske foarmen yn. Dy opmerkingen binne lykwols wol gauris etymologysk net botte ta de saak. [156]

Neffens it EWN brûkt men Nijfrysk *oanfange* fan wurk, *begjinne* yn 'e oare betsjuttingen. By *achtervoegsel* wurdt jin, út in etymologysk each frijwat oerstallich, te witten dien dat in *achtervoegsel* yn it Frysk *efterheaksel* hyt. Under *beleg* seit it EWN: "De betekenis 'broodbeleg' is een jonge afleiding by nml. *beleggen*; deze betekenis bestaat niet in het Fries." By *bakvis* wurdt opmurken: "Fries *bakfisk* betekent uitsluitend 'vis om te bakken'" (dus net 'smoarch famke, opslûpen famke'). Dat liket my goed ta, mar it WFT jout it as hollanisme ek foar 'puberaal famke' en at men al de gefallen besjucht dat it EWN der gjin byt yn sjucht om de brykste hollanismen en hapaksen út it WFT oan te heljen, dan komt sa'n opmerking jin al wat raar oan. By *basketball* wurdt it hielendal moai: "Het tweede lid is tegenwoordig vernederlandst (terwijl het Fries de vorm *basket-ball* heeft)." It Frysk hat gewoanwei ek *basket*[b l], soe ik sizze, en net -[b :l]. Under *biezen* wurdt fan 'e útdrukking *zijn biezen pakken* úthoden: "betrof oorspr. het oprollen van een biezen mat, waarop een kunstenaar zijn kunsten had vertoond. Iets vergelijkbaars in het Fries: *pak dyn biezen en gean te stuolwinen* 'staak je grappenmakerij en ga aan je werk (hier: stoelen matten)'. Wat betsjut hjir 'iets vergelijkbaars'? Neffens Waling Dykstra (*Vrije Fries* (1911, 229)) giet it by de Fryske útdrukking om in wurdboarterij mei *biis* as grapmakker en as plant. Under *dalen* wurdt jin fernijd: "Het Fries heeft *dale* wrsch. ontleend aan het Nederlands; Fries *delgean* 'dalen' is een samenstelling van *del* 'neer, naar beneden' en *gean* 'gaan', en is dus geen equivalent." Hoesa, 'wrsch.'? En moat men de lêzers fan in etymologysk wurdboek wier útlizze dat *delgean* gjin ekwivalint (bedoeld is tink: wjergader, kognaat) fan Hollânsk *dalen* is? Dat Nijfrysk *del* 'nei ûnderen' ûntstien is út Aldfrysk **to dele*, de datyf iental fan *del* (= Hollânsk *dal*), hie frijwat nijsgjirriger ynformaasje west, mar dy sil men yn it EWN om 'e nocht sykje.

Flaters en fersinnen

De Fryske foarmen binne spitigernôch net altyd sûnder wryt of slyt. Ik jou hjir ta beslút noch in stikmannich bonkjies dy't ik tafallich by it lêzen fûn:

- Nijfrysk *aker*, *akker* ‘amer’ hat net in njonkenfoarm *eker* (EWN, ûnder *aker*).

- Under Hollânsk *alikuik* wurdt opmurken dat der ek in Frysk *kreukel* ‘eetbare zeeslak’ bestiet, mar *kreukel* of it Fryskere *krûkel*/*krukel* (wêrom wurdt dat net neamd?) is gewoan de Fryske namme foar de ‘alikuik’ (sj. WFT, ûnder *krûkel*). [157]

- *tredje(hea)l* moat wêze *tredde(hea)l*, *fifte(hea)l* moat wêze *fyfte(hea)l* (EWN, ûnder *anderhalf*).

- Aldfrysk *ēvend* hat net in njonkenfoarm *āvend*. De Aldwesterlauwerskfryske foarm *jo(u)nd* hie ek wol efkes neamd wurde kinnen (EWN, ûnder *avond*).

- *barckje* moat wêze *barchje* (EWN, s.v. *barg*).

- Nijfrysk *blaaien* moat wêze *blaaie* (EWN, ûnder *blaten*).

- Nijfrysk *blabber*, *blabs*, *blabze* is net in tiidwurd, mar in haadwurd (EWN, ûnder *blubber*).

- *in stikje of stikite bôle ite* ‘een boterhammetje eten’: ? (EWN, ûnder *boterham*)

- *broekje*, *brogge* moat wêze *brochje*, *brogge* (EWN, ûnder *boterham*)

- Nijfrysk *bukfallich* moat wêze *brekfallich* (EWN, ûnder *bouwvallig*).

- Aldfrysk *dugal* moat wêze *duga* (EWN, ûnder *deugen*).

- Nijfrysk *doarl* moat wêze *doar* (EWN, ûnder *deur*).

- Aldfrysk *tīesdei* moat wêze *tīesdei* (EWN, ûnder *dinsdag*).

- Aldfrysk *þrēd* moat wêze *thrēd* (EWN, ûnder *draad*)

By eintsjebeslút

It sil klearrichheid hawwe, dat it EWN wat it Fryske oanpart oanbelanget hyn ofte nei net neikomt wat it yn ‘e ynliding ûnthyt. Fan in systematyske behanneling fan it Frysk is gjin sprake. Men kriget earder de yndruk dat it rein tafallich is oft it Frysk neamd wurdt en wat dêr fierders oer sein wurdt. Ekstra ynformaasje oer it Frysk is meastentiids etymologysk folslein yrrillevant. Dat foar it Fryske oanpart yn it EWN gâns oarspronklik etymologysk ûndersyk dien wurdt, sa’t jin yn ‘e ynliding fernijd wurdt, docht nearne bliken. It liket der earder op dat de bearbeiders fan it Fryske oanpart gjin besleur ha oer de grûnprinsipes fan ‘e etymology, erfurden en lienwurden swietfleurich trochinoargrieme, net folle aan ha fan ‘e histoaryske lûdleare fan it Frysk en kwealik weet ha fan ‘e Fryske etymologyske literatuer.

Hoewol't der net in Frysk etymologysk wurdboek is, betsjut dat út noch yn net dat der foar it Frysk neat oan etymology dien is. Krektoarsom, troch it wurk fan û.o. Löfstedt, Hofmann, Århammar, Spenter, Miedema en Buma is de Fryske etymology sels rillatyf goed ûndersocht en hoecht men datoangeande net op in kâld stee te bouwen. Löfstedt (1928, 1931) en Spenter (1968) soe men sels, mei alle lek en brek, as in foech ramplesanten foar in (respektyflik Noard- en Westerlauwersk) Frysk etymologysk wurdboek be[158]skôgje kinne. In praktysk probleem is fansels dat sok etymologysk wurk op it mêd fan it Frysk tige fersille leit en dat men it oeral wei byinoarfandelje moat. It hat der net folle fan dat foar it EWN it eardere ûndersyk ynvintarisearre en mei sin achtslein is, en dat dêr fierder op boud is.

Ien en oar makket dat it yn it Fryske oanpart fan it EWN optilt fan flaters, sloarderichheden, ûnfolsleinichheden en nuverichheden. It jout fierders in folslein mishipt byld fan 'e Fryske wurdfoarrie. Oan 'e iene kant lit it net sjen dat it Frysk slim ôfhinklik is fan it Hollânsk: in macht oan hollanisten wurdt bedaardwei as Fryske kognaten opjûn. Oan 'e oare kant komt de eigenheid fan it Frysk allikemin út: erfwurden wurde net fan lienwurden ûnderskaat of binne net ienris as sadanich idintifisearre en dêrfandinne bûten it wurdboek bleaun. Boppedat wurdt it Frysk net tepas brocht op plakken, dêr't soks fertuten dien hie foar de etymology fan it Hollânske wurd. De kâns om it Frysk yn it EWN in kreas plak te jaan is dêrmei jammerlik fersitten. Alteast yn dit earste diel. It is te hoopjen dat dy blamaazje yn 'e dielen dy't der noch komme (en yn 'e online ferzje) goedmakke wurdt. Of faaks moatte der nei dizze rare pûster marris serieus prikken yn 't wurk set wurde foar in *Etymologysk wurdboek fan it Frysk*.

Fach Friesische Philologie
Christian-Albrechts-Universität
Kiel

LITERATUER

- Århammar, Nils (1986) 'Etymologisches um den 'Stress' (mit einem Exkurs zum älteren Einfluss des Niederländischen auf das Nordfriesische)', in: H.L. Cox, V.F. Vanacker & E. Verhofstadt (eds.), *Wortes anst. Verbi gratia*. Donum natalicium Gilbert A.R. de Smet. Acco, Leuven/Amersfoort.
- Århammar, N. (2003) 'Oer inkelde ûndersykstaken op it mêd fan it Westerlauwersk Frysk', yn: *Philologia Frisica Anno 2002*. Lêzingen fan it sechtjinde Frysk Filologekongres 11, 12 en 13 desimber 2002. Fryske Akademy, Ljouwert, 203-234.
- Buma, W.J. (1958) 'Nijfrysk *beate*, *baetsje* en *baeitsje* 'bondel flaaks'', *Us Wurk* 7, 90-95.
- Buma, W.J. (1969) 'Priuwke fan in Frysk ôfliedkundich wurdboek', *Us Wurk* 18, 1-52.
- EWN = *Etymologisch woordenboek van het Nederlands*. A-E. Onder hoofdredactie van dr. Marlies Philippa met dr. Frans Debrabandere en dr. Arend Quak. Amsterdam University Press, Amsterdam 2003.
- Hoekstra, Jarich (1993) 'IG-tiidwurden en G-tiidwurden', *Us Wurk* 42, 1-68.
- Hoekstra, Jarich (2004a) 'Nijwesterlauwerskfrisk etymologysk griemmank (I)', *Us Wurk* 53, 1-12.
- Hoekstra, Jarich (2004b) 'Friesisch im Sprachkontakt am Beispiel der niederländisch-nordfriesischen Tranzferenz', yn: Horst Haider Munske (bes.), *Deutsch im Kontakt mit germanischen Sprachen*. Niemeyer, Tübingen, 55-75.
- Hofmann, Dietrich (1961) *Die k-Diminutiva im Nordfriesischen und in verwandten Sprachen*. Niederdeutsche Studien 7. Böhlau Verlag, Köln/Graz.
- Holthausen/Hofmann (1985) = Friedrich Holthausen, *Altfriesisches Wörterbuch*. Zweite, verbesserte Auflage von Dietrich Hofmann. Winter, Heidelberg.
- Kluge/Seebold (2002) *Kluge Etymologisches Wörterbuch der deutschen Sprache*. Bearbeitet von Elmar Seebold, 24., durchgesehene und erweiterte Auflage. De Gruyter, Berlin/New York.
- Löfstedt, Ernst (1928) *Die nordfriesische Mundart des Dorfes Ockholm und der Halligen I*. Glerupska Univ.-bokhandeln, Lund.

- Löfstedt, Ernst (1931) *Nordfriesische Dialektstudien*. [Die nordfriesische Mundart des Dorfes Ockholm und der Halligen II.] Gleerup, Lund / Harassowitz, Leipzig.
- Meijering, Henk (1983) 'Duits in Friesland', yn: M.A. van den Broek & G.J. Jaspers (bes.), *In diutscher diute. Festschrift für Anthon van der Lee zum sechzigsten Geburtstag*. Rodopi, Amsterdam, 183-200.
- Popkema, Anne Tjerk (2002) 'Aldfryske wei-oantsjuttingen. In ûndersyk nei Aldfryske wurdfjild 'ferkearsferbiningen oer lân'', *Us Wurk* 51, 87-127.
- Spenter, Arne (1968) *Der Vokalismus der akzentuierten Silben in der Schiermonnikooger Mundart*. Eine geschichtliche Studie des autochthonen westfriesischen Inseldialekts. Munksgaard, Kopenhagen.
- Tamminga, D.A. (1976) 'Oer petear en petearje', *De Pompeblêdden* 47, 222-225.
- WFT = *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek van de Friese taal*. Fryske Akademy, Ljouwert (1984--)

Dit artikel is earder gepubliceerd in *Us Wurk*, Tydskrift foar Frisistyk. jiergong 53 (2004) jefte 3-4, pp. 144-160. De paginanummers van het origineel staan tussen [].